
**Sprankeljend teäterkonsert
yn de unike Broeretsjerke**



TIIDGENOATEN

DÊR'T FERLINE EN NO INOAR REITSJE

PROGRAMMABOEKJE

Mei mooglik
makke troch:

provinsje fryslân
provincie fryslân 

 Gemeente
Súdwest-Fryslân

**FONDS
PODIUM
KUNSTEN**
PERFORMING
ARTS FUND NL

Hiske Oosterwijk Sang en komposysje



Tiidgenoaten: In sprankeljend teäterkonsert dêr't de leafde foar taal yn nei foaren komt. Komponiste/sjongeres Hiske Oosterwijk (1989) sette teksten fan de 17de iuwske skriuwer en dichter Gysbert Japicx (1603-1666) op muzyk fan no. Se sjongt op in wize dy't dy rekket, yn de prachtige setting fan de Broeretsjerke yn Boalsert mei begelieding fan topmusisy. Alde teksten krije nije betsjutting yn dizze miks fan foardracht, live muzyk, teäter en meartalige sang. In unike foarstelling oer it fermogen fan minsken om oer grinzen, foaroardielen en ferskillen hinne kontakt mei-inoar te lizzen.

Makkers en spilers

Sjongeres en komponiste: Hiske Oosterwijk
Slachwurk: Niels Voskuil
Kontrabas: Andrea Caruso
Gitaar: Job Posthuma
Elektryske bas: Benson Enowben Itoe
Sello: Rosie Taekema
Piano: Jasper Blokzijl
Rezjy: Bruun Kuijt
Kostúm: Hadewych ten Berge
Kostúmassistinsje: Lieneke Visser
Ljochtûntwerp: Patrick Kramer
Lûdsûntwerp: Harry Zwerver
Technyske fasiliteiten: MHB Event Facilities
Technyk: Paul Reitsma, Sumeia Inad,
Bouke Zijlstra
Teäterteksten: Hiske Oosterwijk
Tekstadvys: Bouke Oldenhof

Produksjeteam

Projekt- en saaklike lieding:
Rieneke Speerstra
Produksjelieding: Alie Falkena
Produksjeadvys: David Lelieveld
Artistike lieding: Hiske Oosterwijk
Marketingadvys: Berber van Oyen
Social Media: Janneke Vonk
Kommunikaasje en foarmjouwing:
Okkinga Communicatie
(koördinaasje: Nina Visser)
Label en advys:
John Weijers - Zenez Records

LEAFDE

O djoerste Leafde, ynmoai byld,
gjin sinn' of stjer sa fraai.
Gjin faam, dy't ea dyn glâns
besylt op tûzen milien nei.
Ien striel út dyn blier each kin 't
dwaan, dat ik nei dy ta stjoer
en yn dyn leafdegloed ferbaarn
as 't michj' yn 't kearsefjoer.
Wa't dy net mint, hat gjin ferstân;
syn geast en brein is leech.
Alhiel folslein en kostber pân,
wat minske fljocht sa heech,
dat hy dyn wearde skat folslein,
dyn jeften wier beseft
en dy trochgrûnje kin mei 't brein,
al brûkt er al syn trêft.
Myn hert oertinkt dyn minlikheid
as boppe mjitte moai
en dyn mylddiedge binlikheid
as glânzjend bûten roai.
Mar wat ús pleaget, skrynt en smert is
skynleafd', ûngeduld.
Wyt dat de wiere Leafde net,
't is inkel eigen skuld.

Tekst: Gysbert Japicx

LIEFDE

*O kostb're Liefde, puik des lands,
schoonst boven zon of ster,
geen maagd, hoe mooi, bezeilt uw glans,
al voer men mijlen ver.
Eén vonkje uit uw vuur'ge blik
maakt dat ik naar u stuur.
Ja, in uw minnegloed vlieg ik
als 't mugje in het kaarsvlamvuur.
Wie u niet mint is in verstand
een vat vol ijle lucht.
Maar, hoog – volmaakt en dierbaar pand,
wie neemt zo'n hoge vlucht,
dat hij uw waarde schatten kan,
uw gaven vat, begrijpt?
Nooit enig brein 't bevatten kan,
hóe men zijn zinnen slijpt.
Bepeinst mijn hart uw vriendelijkheid,
haar evenaart geen ding.
Ook uw milddadig hoog bescheid
heeft glans, heeft schittering.
Maar 't geen ons plaagt, benart, verdriet
is schijn – min, ongeduld.
Wijt dat toch aan de Liefde niet;
't ontstaat door eigen schuld.*

MOARNSLIET

De nacht ferljocht foar 't dageljocht
Lit lyksa ek de skimen,
de swarte sûnden fan ús ferdoarn kwea aard,
foar Jo ferdwine.
Help, nei jo ljochte wetten
ús hân en hert, ús siel en sin te draaien.
Lit jo djoer bloed fan smetten
ús reinigj' en jo wyt klaad ús oerklaaie.
Lit fan dizz' oere Jo geast mei fjoer ús stjoere.
O glâns, mei selsglâns, glânzge!
O ljocht út ljocht, foar alle tiden berne!
Dy't sels de sinn' omkrânzge mei glâns,
o treastlik ljocht, o suv're sinne!
Woll' Jo ús jaan
dat w' al ús dwaan
en litten nei jo leare
as ljochtbern stjoere
as werbern' kreatoreren,
leave Heare!

Tekst: Gysbert Japicx
Bewurking: Hiske Oosterwijk

MORGENLIED

*'t Nachtdonker zwicht
voor 't morgenlicht.
Och, dat alzo 't onreine,
de zwart' afgronden
van onz' ontaarde zonden
voor U verdwijne.
Help ons, uw liefdewetten
met hand, hart, ziel en zinnen te vervullen.
Laat uw duur bloed ons betten,
uw hemels licht ons als een kleed omhullen.*

*Dat van deez' ure uw Geest ons hart aanvure.
O Glans, die glanst door 't duister,
o licht uit licht, o ongeschapen bronne!
Die zelfs de zon met luister
omkranst en troost, o Gij, gerechtheids Zonne!
Maak ons bereid,
nu en altijd
te wand'len naar uw Iere.
Dat wij, herboren,
als scheps'len U behoren,
lieve Here.*

SLJOCHT EN RJOCHT

Hjoed leit dizze wrâld yn tearen
fan rju dûbelhartichheid.
Jou ús lân wer, leave Heare,
d' âld oprjocht' ienfâldichheid.

Tekst: Gysbert Japicx

EENVOUDIG EN OPRECHT

*Heel de wereld wentelt heden
zich in dubbelhartigheid.
Geef ons, Heer, de oude zeden:
Eenvoud en rechtschapenheid.*

JÛNBEA

No is de dei ferrûn mei oere' en stûne
Oermits de Sinn' deldûkt yn wetters grûne
Meitsje ús no Sliep fan God, ta rêsten, jûne
Deis lêst ûntbûne.

Kom swiete sliep, ús eagen feardich binne
Dat swierlik drôgje net onstjoergje' ús sinne',
Dat soarch en eangst ús rêstjue net oerrinne
Noch free ferwinne.

Komm' swiete sliep, mar wês ús fêste boarge
Dat gjin Nachtgrime ús fettet by de loarge
Dat wy net reitsje yn fijâns weaze en foarge
Hâld wacht en soarge.

Mar Jo, boppe'- al, Tsjerke'-Haad, jo wachters seine
Woll-sill'ige Inglen, dats' all' ûnrie weine
Dat Jo Skiep Jo, troch d' hel net wurde ûnteine
Untskake of skeine.

As dan troch sliep ferkwikke, leave Heare,
Wy moarn feardich ta ús berop wer-keare,
Help dat ús dwaan en litten, ta Jo eare,
Wol wurdt regeare.

Tekst: Gysbert Japicx

AVONDGEBED

*Nu is de dag vergaan met ure en stonden,
vermits de zon zinkt in der waat'ren gronden.
Maak ons nu, slaap, ter rust door God gezonden,
daags last ontbonden.*

*Kom, zoete slaap, reeds neigen onze ogen.
Dat boze dromen ons niet kwellen mogen,
dat zorg en angst de nachtrust niet vermogen
te doen zieltogen.*

*Kom, zoete slaap, dat toch uw macht niet fale,
en geen nachtspook versmoort ons ademhalen.
Waak gij, opdat in 's vijands drasse dalen
wij niet verdwalen.*

*Dat bovenal Gij, Hoofd der Kerk, ons zende
uw eng'lenheir en alle onheil wende,
dat niet de hel uw schapen U ten ende
ontschake of schende.*

*Als dan door slaap verkwikt, o lieve Here,
wij morgen willig weder 't werk hanteren,
help, dat al onze daden, U ter eren,
ten goede keren.*



WA'T TIID NET BRÛKT

Leave, lit ús sobj' en sabje,
sa lang as 't ús mûlen lêst.
Dat is ommers fierwei it bêst.
Lit har gnoargj' en ús berabje
dy't gjin fjoer mear ha of gloed.
Alles op syn tiid is goed.

Sinn' en moanne riz' en dûke.
Winter, maityd, simmer, hjerst
stjerr' en libje wer foarfêst.
Mar as wy ús tiid net brûke,
no't s' ús past, rint hja nei d' ein.
Wa tilt wer de holl' oerein.

Huningblom, myn swiet fermeitsjen,
dy't my himelswietens jout,
jou my hûndert tuten, bout;
't sil ús djip yn 't herte reitsje.
Jou my hûndert kearen tsien,
want do witst wol wat ik mien.
Wa't de tiid net brûkt,
sil himelsblau ferjitte.

Wa't de tiid net brûkt,
ferfljocht sa gau it liet fan sinne.
Wa't de tiid net brûkt,
fereale fjoer kin net beminne.
Wa't de tiid net brûkt,
ferliest de takomst yn it ferline.

Hûnderttûzen kear wol 'k patsje,
tûzen kear dêr noch op ta.
Gek bin 'k fan de skroei dy 'k ha!
Lit ús tûtsje, leaf, swiet hartsje,
oant w' ús nocht ha fan sa'n tal
en ús long'rjend liif stiifol.

Kûpletten: Gysbert Japicx Refrein: Hiske Oosterwijk

WIE TIJD VERDOET

*Liefje, laat ons minnekozen,
daar 't ons dient tot lust en spel.
Zint dit niet de jeugd zeer wel?
Treft ons ook geknor van bozen,
wier vuur is vergaan tot as,
alle doen heeft zo zijn pas.*

*Zon en maan, zij rijzen, duiken.
Geen seizoen of het herleeft.
Wat, als 't leven óns begeeft?
Lief, als w' onze tijd gebruiken
nu z' ons dient, is dat geen deugd?
Wie van ons hernieuwt zijn jeugd?*

*Jij mijn liefst en zoetst vermaken,
bij wie 'k hemelhonig vind,
geef mij honderd kusjes, kind,
dat het ons in 't hart mag raken.
Zoen mij honderd maal aaneen.
Lief, je weet wel wat ik meen.
Wie de tijd verdoet,
zal hemelsblauw vergeten.*

*Wie de tijd verdoet,
vervliegt zo gauw het lied van de zon.
Wie de tijd verdoet,
kan verliefd vuur niet beminnen.
Wie de tijd verdoet,
verliest de toekomst in het verleden.*

*Wil mij honderduizend gunnen
met nog duizend bovendien.
Bazel ik? Laat het geschiên,
tot wij, zoeterd, niet meer kunnen.
Tellensmoe, doch lust en zin
diep verzaad van zoete min.*

ALLINNE WURDEN BINNE NET GENÔCH

De kjeld krûpt troch myn leafste lea.
Al heger heger lokk't de dea.
Allinne wurden binne net genôch.
De leafde longer't nei de ein.
De wurden wurde noch krekt sein.
Allinne wurden binne net genôch.

Sûnder hert, is sûnder libben.
Sûnder hert, is sûnder fjoer.
Sûnder hert, kin 'k net beminne.
Smaad en spyt, de lea oerstjoer.

Tekst: Hiske Oosterwijk
Ynspirearre op it wurk fan Gysbert Japicx

REAMER EN SAPE

Wolkom freugde fan de wrâld
haadjocht oer de stjerren,
griente, krûd en blomme-fâd,
mjitter fan ús jierren.
Himeleach dy't al oersjocht,
dy't ús dau en mist ûnttsjocht,
dy't ús fjild bemielet,
ja, mei goud oerstrielet!

Kears en lampe fan 'e dei,
ûl' fijân, iisteier,
moudestower, drûgewei,
nacht- en froastferjeier,
ljepper oer it wiet en drûch,
rûnterinner, nimmer slûch,
ier en let allinne,
wolkom, wolkom, Sinne!

'k Sjoch de nacht al hast ferflein
mei syn donk're wjokken.
Alleman dy riist oerein
en begjint syn drokten.
d' lene ploeget, sieddet, eid't
d' oare skiep en kij ferweid't.
Elk is drok oan 't reppen
yn syn deistich skreppen

ALLEEN WOORDEN ZIJN NIET GENOEG

*De kou kruipt door mijn liefste lichaam.
De dood lijkt dichterbij te komen.
Alleen woorden zijn niet genoeg.
De liefde raakt ten einde.
De woorden worden nog maar net gezegd.
Maar alleen woorden zijn niet genoeg.*

*Zonder hart, is zonder leven.
Zonder hart, is zonder vuur.
Zonder hart, kan ik niet beminnen
Smaad en spijt, het lichaam overstuur.*

Ider dier is bliid, fol fjoer,
rint, fljocht, springt en dûnset,
wrinzget derten en oerstjoer,
blettret, baltet, gûnzet.
Ein en goes yn 't wetter sliert;
't wylde fûgelt tiereliert,
libj' yn free en rêsten,
frij fan skeel en lêsten.

Dútslân wie ús spegel klear,
speeg'len wy ús jitte!
God sloech 't lân mei pleach en sear,
skriklik bûten mjitte.
Mar wa slacht dy moanning acht?
Nimmen nimt him goed te wacht.
Sûnder sjen of hearren
rint men nei 't ferdjerren.

Goudne Sinne, sink of baarn
op 'e ierd oarsearne,
wearzget dy ús walchlik dwaan.
Mar dyn hynders rinne
op d' Almachtge syn befel,
en dyn laitsjend each sjocht del
oer de kwead' en fromme.
Wa kin God ûntkomme?

Wa ûntrint de pleach fan God,
dy't de wrâld omfiemet?
Wa blyndoeket 't each fan God,
troch wa't alles kiemet?
Dy't by nacht sjocht as oerdei,
dy't gjin ûnrjocht dulde mei,
dy't mei fjoer fersmoarde
Sodoms sûndge oarde.

Mar al prat' ik hiel de moarn,
't kin dochs neat oars wêze;
't is en bliuwt oeral ferdoarn.
God moat ús genêze.
Meitsj' ús, Alderheechste Goed,
from fan hert, oprjocht fan moed,
dat wy oer jo wegen
komme ta jo segen.

REAMER EN SAPE

Welkom, 's werelds hoogste licht,
bron van ons verblijden,
naar wien kruid en bloem zicht richt,
maat der jaargetijden.
Hemeloog, dat rijk aan gloed,
't veld van dauw en mist ontdoet,
en al 't groen doet geuren,
verft met gouden kleuren.

Kaars en lamp van elke dag,
uilenplaag, ijsdooier,
stofopjager, weêromslag,
nacht- en vorstverstrooier.
Springer over zee en kust,
kringloopmaker, zonder rust
eenling van beginne,
welkom, dagvorstinne!

'k Zie de nacht al henegaan
met zijn donk're wieken.
Al wat aâmt is opgestaan
bij dit ochtendkrieken.
D' een legt zich op ploegen toe,
d' ander weidt zijn schaap of koe.
Elk spoedt in de morgen
zich naar werk en zorgen.

Al 't gediert' in blijheid wipt,
rent, vliegt, springt of dartelt,
hinnikt uitgelaten, hipt,
blaas, loeit, gonst of spartelt.
Eend en gans in 't water sliert,
't wild gevogelt' tiereliert,
leeft in vreë zijn dagen,
vrij van last en plagen.

Dat Duitsland een spiegel waar',
en w' ons beeld zien klaarlijk.
Hoe zond God zijn plagen daar
talloos en vervaarlijk.
Maar geen, die daardoor ontwaakt,
strijd en broedervete staakt.
Zonder zien of horen
raakt ons land verloren.

Gouden zon, duik weg en blijf
waar ge deugd ontwaarde.
Walgt ge van ons stinkbedrijf?
Neen, ge ment uw paarden
en uw lachend oog doorschouwt
op bevel van 't Albehoud
boze liën en vromen.
Wie kan God ontkomen?

Wie ontloopt dit Godsgericht
dat de aarde omvademt?
Wie blinddoekt dit zonnelicht,
bron voor al wat ademt?
Die de nacht licht als de dag,
die geen onrecht dulden mag,
Sodom ommekeerde,
en met vuur verteerde.

Doch al klaagde ik honderd it,
't is en blijft in wezen
voos verderf waar men op stuit.
God wil ons genezen.
Maak ons, Allerhoogste Goed,
vroom van hart, rein van gemoed,
dat wij langs Uw paden
komen tot genaden.

Tekst: Gysbert Japicx

FIER FAN MY

De dei ferrûn, op Fryske grûn.
Ik bin net wêrsto bist.
Jûn sa kâld, sûnder dy.
Fier fan my.
De dei ferrûn, op frjemde grûn.
Do bist net wêr't ik bin.
Jûn sa kâld, fier fan my.
(mar) Ik ha en hâld myn leafste lea, myn ien'
en ivig' skat, myn freon.
Dy't nea ofte nimmer fan my wykt yn will' of
wea, fleant.
de dei foarby, 'k tink oan ús.
Dream yn ûnrêst, yllúzje.
Dea gefoel, 'k gûl om dy.
Fier fan my.
Dea gefoel, 'k gûl om my.
Fier fan dy.

Tekst: Hiske Oosterwijk
Ynspirearre op it wurk fan Gysbert Japicx

IN KAART FAN 'E WRÂLD

len fan wrâlds âlde kaarten hat de foarm fan
in hert.
Hoeden tekene en ynkleure mei de kleuren
fan ferlet.
Stjert dizich út, sa brekber, sa âld.
Stjert dizich út,
De brune kaarten fan 'e wrâld.

Gefoel is ivich en einleas de langst.
In himelsk kompas dêrtst betsjutting mei fangst.
In frisse wyn troch 't grize âld,
De brune kaart fan 'e wrâld.

Mar ek brún kin florearje en ferrykje.
It wurdt allyk as goud yn pracht en preal.
From en dimmen, krom en rjocht-troch
oant 't oankomt yn dyn siel.
De frisse wyn fan 't grize âld,
de frisse wyn fan 't grize âld.
De brune kaart fan 'e wrâld.
De brune kaart fan 'e wrâld.
De brune kaart fan 'e wrâld.
De brune kaart fan 'e wrâld.

Tekst: Hiske Oosterwijk
Ynspirearre op it wurk fan Gysbert Japicx

VER VAN MIJ

De dag verstreek op Friese grond.
Ik ben niet waar jij bent.
Vanavond zo koud, zonder jou.
De dag verstreek op vreemde grond.
Jij bent niet waar ik ben.
Vanavond zo koud, ver van mij.
(maar) Ik heb en houd mijn liefste lichaam,
mijn enige en eeuwige schat, mijn vriend.
Die nooit ofte nimmer van mij wijkt, in voor en
tegenspoed, vliegt
de dag voorbij, ik denk aan ons.
Droom in onrust, illusie.
Dood gevoel, ik huil om jou.
Ver van mij.
Dood gevoel, ik huil om mij.
Ver van jou.

EEN KAART VAN DE WERELD

Eén van werelds oudste kaarten heeft de
vorm van een hart.
Voorzichtig getekend en ingekleurd met de
kleuren van behoefte.
Sterft langzaam uit, zo breekbaar, zo oud.
Sterft langzaam uit,
De brune kaarten van de wereld.

Gefoel is eeuwig en verlangen eindeloos.
Een hemels kompas waar je betekenis mee vangt.
Een frisse wind door het grijze oud.
De brune kaarten van de wereld

Maar ook bruin kan floreren en verrijken.
Het wordt net als pracht en praal.
Vroom en bescheiden, krom en recht door
tot het aankomt in je ziel.
De frisse wind van het grijze oud.
De frisse wind van het grijze oud.
De brune kaarten van de wereld.
De brune kaarten van de wereld.
De brune kaarten van de wereld.
De brune kaarten van de wereld.

YAZNAYO KTO YA

I know who I am
And I am proud to be me

Walls have fallen
I can say
I am strong
I am me

Freedom inside
I can say
Freedom outside

Honesty, real, open, truthful

I know who I am
And I am proud to be me

Я ЗНАЮ КТО Я

я знаю кто я
и я горжусь тем, кто я

стены упали
я могу сказать
я сильный
я - это я

свобода внутри
я могу сказать
свобода снаружи

честность, реальность, открытость, правдивость

я знаю кто я
и я горжусь тем, кто я

IK WEET WIE IK BEN

*Ik weet wie ik ben
En ik ben trots op wie ik ben*

*Muren zijn gevallen
Ik kan zeggen
dat ik sterk ben,
dat ik mezelf ben*

*Met vrijheid van binnen.
Ik kan zeggen
Met vrijheid van buiten*

Eerlijkheid, echt, open, oprecht

*Ik weet wie ik ben
En ik ben trots op wie ik ben*

я знаю кто я
и я горжусь тем, кто я

стены упали
я могу сказать
я сильный
я - это я

свобода внутри
я могу сказать
свобода снаружи

честность, реальность, открытость, правдивость

я знаю кто я
и я горжусь тем, кто я

Tekst: Hiske Oosterwijk

JAAN IS LEAVJEN, NIMMEN TSJEAVJEN

Om 't sabeare wraksljen, djoeien,
snútsjesnobjen, lief,
om 't fereale boartlik stoeien
neamsto my in dief,
om 't ik by myn frijerij,
langjend' nei in tút,
treau ik twa tuten op dyn slije,
poddehierrge snút.

Goudne mei dyn krolleholle,
do praatst bernepraat.
Jaan of nimmen skeelt te folle:
haw ik stellen, maat,
as ik jou? Hoe kin ik jouwer
dieverij begaan?
Nee, do bazelst, kneukelhouwer.
Wa kin 't óars ferstaan?

Earder kin 'k mei rjocht ferwite
dij dyn stellerij.
Troch dyn tút yn griene rite
stielsto 't hert fan mij.
len dy't sûnder hert yn dwelm is,
stelt dy? Leave gút!
Nee, de hertesteller selm' is
hertedief, abslút.

Tekst: Gysbert Japicx

GEVEN IS LIEFDE, NEMEN DIEFSTAL

*In 't verliefde rollebollen,
't heerlijk knuff'len, lief,
in ons speelse, dart'le dollen
noem je mij: dief, dief;
daar naar snakken, niet te blussen,
gretig uitweg vond;
heim'lijk drukt' ik twee, drie kussen
op jouw donshaar-mond.*

*Gouden krullebol, zo-even
sprak je kinderpraat.
Nemen scheelt heel veel met geven:
steel ik metterdaad
als ik geef? Hoe kan een gever
dieverij begaan?
Bouwboer, stop met dat gezever,
wie zou zulks verstaan?*

*Jou kan ik met recht betichten;
jij pleegt stelerij:
door jouw zoenen zonder zwichten
stal je 't hart van mij.
Ik, verward, zou onverholen
nu gaan stelen, lief?
Nee, die 't hart mij heeft gestolen
in zelf hartendief!*




Mooglik makke troch:

provinsje fryslân
provincie fryslân



**FONDS
PODIUM
KUNSTEN**
PERFORMING
ARTS FUND NL



DOUWE
■ STIFTING ■
KALMA

FONDS **BOLSWARD**
— **DRONRIJP** 1993



Tiidgenoaten is in produksje fan de Gysbert Japicx Holckema Stichting yn gearwurking mei:



TRISOAR

Leeuwarden
City of Literature



Mei tank oan:

Blueyard (adviseur Derk van der Kamp) • Mariese Schuurman • Hessel Fluitman • Okkinga Communicatie • Grafische groep van der Eems • ZWF Creatieve Sign- en Reclamemakers • MHB Audiovisuele producties • BeYoung Media • Kolkman tribuneverhuur • Petra Kroon Fotografie • Brandsma koffie - Us koffie • Steunpunt Monumentenzorg - Súdwest-Fryslân • Stichting verhuur Broerekerk • Koster Broeretsjerke (Loes van Heijningen-Gorter) • Sporthal Marnecollege • Ons Gebouw • Meis Groen en wonen • Het Boekhuis • Primera - Bolsward • Omrop Fryslân • Omroep Súdwest • Veerhuys - Bolsward • Tekstkorreksjes (Janke Nicolai en Aly van Houten) • frijwilligers

TIIDGENOATEN

DÊR'T FERLINE EN NO INOAR REITSJE

Folgje ús op:



www.gysbert.frl